

Foardracht

It begjin yn 1947

't wie op in moaie simmerjûn
se stienen foar by Bergsma
krinkjes spuiend op de grûn
Piter, Hindrik en Rinke
Dêr kaam Durk ten Dam ek oan
it duorre net sa lang, doe hie dy de boppetoan.

It wie gjin waar te swimmen
en oan keatsen hie men gjin nocht
dus waard der wat ôfhoerd
en waard der wat betocht
sille wy noch in baltsje skoppe
it kin wol op it dobbelân
in bal moast der noch socht wurde
wie net sa by de hân

En sa gong it hinne
ien op klompen, in oar op skuon
in tredde rûn op sokken
yn de farske kowe dong
twa reade bûsdoeken
der tusken wie de goal
in goed skat fan Wybren
effer de bal dêr fleach in soal

By gebrek oan ballen
waard in barge bongel brûkt
want oan it brune monster
hiene de measten noch net rûkt
mar nei in pear wike
seine de mannen dit moat oars
wy rjochtsje in fuotbalklup op
dat wie in skot yn de roas

10 augustus 1947
sette men echt út ein
no wie dêr in fuotbalklup yn Easterein
in fjild moast der noch komme
en in goal hie men ek net
mar oan entûsjasme
hiene de mannen gjin gebrek